

Durk van der Ploeg

De ferbylding as twadde libben

Alles stiet no wer aardich op 'e rails, mar Durk van der Ploeg hat de ôfrûne moannen in dreech skoftke hân. Moandei wurdt ien fan de meast produktive skriuwers fan Fryslân tachtich jier. Troch Gerbrich van der Meer.

Hy hat der goed siik fan west, fertelt Durk van der Ploeg as we in plakje yn de húskeamer fûn hawwe. Op 24 maart fan dit jier waard Van der Ploeg operearre oan 'e terms. Brânmeager wie de man. „Ik koe net ite. 'k Koe it fiedsel net stean sjen. Mar ja, ik moast wol ite.”

Uteinlik rûn alles mei in skamper ôf. „De dokters sizze dat ik genêzen bin, mar ik stean noch wol ûnder kontrôle.” Fan syn grutte leafhawwerij, it skriuwen, kaam yn dy perioade lykwols neat op 'e hispel. „Ik hie krekt myn lêste roman, *De kjeld fan it noarden*, nei de útjouwerij stjoerd doe't ik siik waard. Dêrnei stie alles stil. Ik haw sels in skoft net mear skriuwe of type kinnen.” Fan 't simmer koe Van der Ploeg it spul lokkich stadichoan wer oppakke. De âld-opmaakredakteur redigearret sels en sjocht de printkladden ek allegearre sels nei. „Sa haw ik my de hiele simmer noch dwaande hâlden mei de Amelanner walfiskfarder.”

De *kjeld fan it noarden* spilet yn de winter fan 1826-1827 en giet oer in jonge walfiskfarder dy't syn hús ûntflechtet en de winter by need trochbringt op Grienlân en de kust dêrfoar. De skriuwer glimket. „It is it meast kâlde boek dat ik skreaun haw. Mar der sit wol genôch waarmte yn, hear.”

Ja, hy hat ek al wer in nij boek op it each. „It is by my krekt as by it ierpel iten. Je hawwe ien yn 'e mûle, ien op 'e foarke en ien op it each. Wylst ik mei in boek

oan it skriuwen bin, spilet in nij ferhaal al wer troch de holle.”

Wâlden

It trouwe lêzerspublyk fan ien fan de meast produktive skriuwers fan Fryslân, moast it foar syn sykte ek al in skoftke sûnder him dwaan. Dat hie alles te krijen mei syn koart útstapke nei in penthouse yn Dokkum. „It hûs en de tún waard ús te grut yn Feanwâlden dat wy besleaten om te ferhúzjen.” Mar it waard neat yn Dokkum. Wenje yn in mienskiplik hûs wie neat foar him, murk er. Los fan 'e grûn fertutearze de skriuwer tusken stien en beton en ferdampe syn ferbyldingskrêft. „Dêr murk ik hiel yntins dat ik in man fan 'e wâlden bin, in man fan 'e beammen.”

Van der Ploeg moat grûn en grien om him hinne hawwe om ta bloei te kommen, wie al gau dúdlik. Yn Noardburgum, it hert fan 'e Wâlden fûn it echtpear in moaie wente mei in stikje tún,

It skriuwproses wurket by my krekt as by it ierpel iten

dêr't it no al wer 2,5 jier nei folle tevredenheid wennet. Mei de ferhuzing kaam de ynspiraasje ek wer werom: fan dat stuit ôf

wie de skriuwer alle dagen wer sa'n 6, 7, 8 oeren op 'e studearkeamer te finen. Van der Ploeg: „Nee, fan't skriuwen wurdt ik net wurch. Nee, blinder, ik gean middeis beslist net op bêd. Dat kin noch wol as we âld binne.” Soms wurdt it wol njoggen oere jûns foardat er fan boppen komt. „En dan pak ik ek noch wolris in boek.”

It fizier fan de letterkundige fynpriuwer is foaral rjochte op it bûtenlân. Hy mei bygelyks graach Amerikaanske literatuer lêze om him der literêr oan op te lûken. Lykas de romans fan Annie Proulx: „Dy frou skriuwt as in manskeardel. Se ferhaalt altyd oer manlju; rûge ferhalen oer dy gekke cowboys út Noard-Amearika en dat wylde ferlit-

tene lânskip. Dat werken ik sa. Sa't sy de steppe beskriuwt, beskriu ik dat wrede klaailân yn Noardeast Fryslân.”

Streekliteratuer

Skandinavyske skriuwers lykas de Sweden Torgny Lindgren, Per Olov Sundman en Per Olov Inquist kinne him ek o sa ynspirearre. „Ik woe dat ik sa skriuwe koe, tink ik faak.” Mar neibouwe wol er se net. „Dat kin ek net. Sokke eigensinnige skriuwers hawwe sa'n eigen wize fan skriuwen. Dy binne net nei te folgjen.” Tagelyk dage se him wol út om syn eigen paad te finen. „Wat lykweardichs, dat hielendal út mysels wei komt.” Lykas syn adepten skriuwt er realistysk. „Ik besykje wolris wat absurdistysk te skriuwen, mar dêrnei fiel ik my dan dochs net thús, rop mysels dan al gau werom.”

Fielt er him as skriuwer yn it Nederlânsk taalgebiet wolris in *einzelgänger*, syn realistyske regionomans slute wol goed oan by de Skandinavyske literatuer. „De regioliteratuer stiet yn Skandinavië heech oanskreaun. Dy hat him ek enoarm ûntjûn. Dat kin ek hast net oars, de stedsgebieten binne dêr fier yn 'e minderheid.” Yn Nederlân hat de klam sûnt de sechtiger jierren jierrenlang op de stedsliteratuer lein. Alles wat mei regio te krijen hie, waard foar it gemak ûnder streekliteratuer weiskreaun. „Dêr komt no wat feroaring yn”, fertelt Van der Ploeg. „Gerbrand Bakker krige yn 2006 daliks de debutantepriis mei *Boven is it stil*. En koartlyn is *Dansvloer vol confetti* útkommen

De heechste produktiviteit

Van der Ploeg (Hoogkarspel, 1930) debuteart yn 1955 mei gedichten yn it Nederlânsk, yn it blêd *Ontmoeting*. Syn earste Fryske fersen steane in jier letter yn literêre tydskrift *De Tsjerne*. De literator debuteart yn boekfoarm yn 1959 mei de bondel *Lok op eachlingte*. Yn syn earste poëzy slút Van der Ploeg kwa tematyk, 'dea, leafde, skuld, boete en religy' wol oan by dichters as Freark Dam, Anne Wadman en Marten Sikkema, mar syn foarm is fuortendaliks dy fan it frije fers.

Nei 1979 leit Durk van der Ploeg him mear ta op it skriuwen fan romans en ferhalen. De earste koarte ferhalen fan de hân fan Durk van der Ploeg steane yn it *Friesch Dagblad* (1952). Syn proaza debút yn boekfoarm, de roman *In man en in minske*, ferskynt yn 1968. Nei syn pensjonearring yn 1990 by de *Leeuwarder Courant* ûntwikkelet Van der Ploeg him ta de skriuwer mei de heechste produktiviteit yn de Frysk literêre wrâld. Sûn dichtbondels skreau er. De

***kjeld fan it noarden* wurdt syn tweintichste roman. It tema fan de minske dy't yn iensumens wraksetlet mei it libben en de dea, komt yn it literêre wurk fan Van der Ploeg it meast pregnant nei foaren. It giet gauris oer ienlingen, ienselvige figueren yn har (steurde) relaasje ta de meiminske en de maatskippij. Kontekst is faak de sfear fan it ienlik lânskip, dêr't de bewenners in bestean beskreppe yn drege omstannichheden.**

Boarne: tresoar

fan Franca Treur. Dat boek giet oer in kristlike boerehúshâlding yn Seelân."

Van der Ploeg syn ynteresse foar de eigen krite kaam benammen op gong mei it skriuwen fan de Dongeradielesykus. Dat kwartet oan boeken begjint mei de roman *De Jacht út 1988*, ferfolge mei *It wrede foarfier* (1994), *Reis nei de Kalkman* (1995), en *It lekken oer de spegel* (1995). Alle fjouwer hawwe de twadde wrâldoarloch as sintraal tema.

Berne yn 1930 hawwe de krisjierren en de twadde wrâldoarloch in soad ynfloed hân op Van der Ploeg. „Ik haw yn myn jonge jierren neat oars as earmoed en oarloch meimakke en dêr siet wier net in soad freugde yn.” Wreed wie dy tiid. „Foar ús oer

Minsken dêr't wat byt oan sit binne folle ynterressanter, posityf of negatyf

stie in pleats dêr't se yn 'e oarloch allegearre wapens ûnderbrocht hiene. De Dútsers kamen derefter en hellen ferhaal. In boerefeint en in foech jonge fan 15 jier - de boer wie krekt fuort - waarden oppakt. De boerefeint hat de oarloch net oerlibbe, de jongfeint, mei waans broer ik wol boarte, kaam geastlik brutsen werom.” Van der Ploeg ferarbeide it ferhaal op eigen wize yn *It wrede foarfier*. „Dêrby haw

ik de werklikheid wat ferfoarme. Myn doel as literator wie ek net om skiednis te skriuwen, mar fiksje.”

Grut wurden yn Ealsum kaam Van der Ploeg faak oer de flier by de minsken út de krite, „mei myn maten, myn neef of ús heit.” Hy sjocht se noch foar him, de grutte húshâldings yn dy lytse klinten dêr't it altyd rûkte nei wiete klean of dy botte heiten fan 'e klaai dy't noait wat seine, net oars koene as bromme.” Dy minsken waarden yn de syklus syn referinsje om, sa't er sa-graach woe: „de Dongeradielsters te tekenjen sa't se wiene.”

Heitefiguer

De stive heitefiguer spilet yn de romans fan Van der Ploeg mear op as de memmefiguer, fertelt er. „Ik fyn it hiel nijsgjirrich om dy út te tekenjen. Dat hat net sasear mei ús eigen heit te krijen, mar foaral omdat it wol karakteristike figueren wiene. Bepaalt net de makliksten, mar wol hiel dominant en bytiden problematysk oanwêzich.” Hy neamt de heitefiguer yn *De iishilligen*. „Sjochst hoe't de jonges yn dizze emansipaasjeroman besykje harren los te wrakseljen út harren miljeu fan slyk en drek. De hâlding fan de heit is lykwols beskiedend. Dat wie yn werklikheid faak ek sa.”

Nee, skodhollet er, syn personaazjes binne lang net altyd sympatyk. „Mar sympatike minsken binne literêr ek faak net ynteressant. Fierstente guodlik en nuet.” Van der Ploeg hâldt ek net fan modelminsk. „Fan dy minsken dy't alles neffens de regels dogge. Minsken dêr't wat byt oan sit bin-

ne folle ynterressanter, posityf of negatyf.”

Durk van der Ploeg fynt himsels ek net in meirinner. „Ik mei graach ris yn 'e kontramine wêze. Ik haw yn myn libben noch noait in dûmny moete dy't sei: 'ik bin it mei jo iens'. Ja, hy hat werklik wol wat ôfwikende stânpunten. „Ik wol it witten oan it leauwe ûntnimme.” Dy ôfwikende stânpunten sjochst ek by de personaazjes yn syn boek werom. „Yn *De iishilligen* daagje de jonges harren heit út en krije beksjochterij mei him oer de skepping. Sokke dingen fyn ik de muoite wurdich: de boel wat op 'e kop sette. Hiel ferfrissend.”

Van der Ploeg lêst sels graach wurk fan teologen as Miskottte, Sperna Weiland of Bonhoeffer. „Dat besykje ik wer út te wierjen yn myn boeken lykas *De iishilligen* of *Foarby it Boarkamer fjoer* dêr't de striid tusken de frijsinnigen en ortodokse figueren yn nei foaren komt.” Hy neamt de roman *Skepsels fan God*: „De twilling Wander en Tsjaard van Kleffens binne twa hiel útrinnende figueren. Ik fûn it aardich om yn dy twa persoanen it religieuze gefoel fan minsken te ferarbeidzjen; om te beskriuwen wat foar útwurking dat hawwe kin.”

Teology

Yn it deistich libben kin er him der ek noch wolris drok om meitsje. „Wat haw ik profitearre fan de ûntjouwingen fan de medisyske wittenskip doe't ik siik wie. De ûntjouwingen op it mêd fan 'e teology kriget lykwols gjin sterving mei. Eltsenien mient der wat oer sizze te kinnen, sûnder dat se

har der mar foar in koartsje yn ferdjippe hawwe.” Hy wit it noch fan syn heit: „Ik wie noch mar in foech jonge doe't ik ús heit sei dat ik mei myn kammeraat nei tsjerke soe. Dy wie herfoarme. Mar

Myn doel as literator is net om skiednis te skriuwen, mar fiksje

dêr wie gjin sprake fan. Wêrom? Dy dûmny hie noch by Karl Barth studearre. En dat koe net. Barth wie noch grifformearder as ús heit, mar dat wist ús heit wer net. Dat sit my dus dwers. Minsken redeneare foar it faderlân wei, mar se witte nearne wat fan. Ja, dat komt yn myn romans wol nei foaren.” Hy glimket. „Ik moat myn aai dochts kwyt.”

It wiene de krisjierren dy't der foar soargen dat Van der Ploeg yn Hoogkarspel berne waard. „Us heit kaam fan Nes, ús mem fan Easternijtsjerker. As hússkilder koe er dêr op 'e klaai gjin droech brea fertsjinje. Yn Noard-Hollân wie der wol wurk.” Hy wist op twa skilderijkes oan it lewant. Fan syn heit. Twa kleurrike skilderingen mei in âld spultsje derop. „Us heit skildere út de fantasy wei, mei hieldere nje wegen. Dy diken hawwe der yn it echt noait lein.”

Lykas syn heit de eigen krite skildere op eigen wize, sa skriuwt Van der Ploeg, liket it wol. „Hy glimket. „Ik haw net in soad mei

it wurd 'wei'. Dêr bin ik tefolle mei om 'e earen slein; 'de brede weg', 'de smalle weg', nee, dêr bin gau fan ôf stapt. Mar it is wol sa dat ik yn myn skriuwen hieltyd myn eigen paad sykje.”

Syn leafde foar de wiidsheid fan de klaai die er yn Ealsum op, fertelt de skriuwer. „Ek al wenje der mar twa hûndert minsken, as grûngebiet is Ealsum ûnwittend grut. De bakker moast soms wol trije kilometer fytse om by de folgjende klant te kommen.” Van der Ploeg hat him altyd oanlutsen field ta iensume oarden en ienlike figueren, giet er fierder. „As bern mocht ik stommegraach it fjild yn. As skriuwer kin ik my ek geweldich weromlûke yn 'e studearkeamer. Nee, laket er, dat is net iensum foar syn frou. „Myn skriuwen is foar har in aliby om de hiele dei te lêzen. Want dat docht se geweldich graach.”

Jaseker, syn frou lêst syn boeken wol, „op it stuit dat it hast printree is” en se hat ek wol krite, mar dêr docht er yn 'e praktyk net sa'n soad mei. „Us opfettings rinne sa fier út elkoar. Ik sykje it literêre, sy minder.” Oft der überhaupt ien is, dy't him op oare gedachten bringe kin? Hy laket. „Net gau. 'Wat geschreven is, is geschreven', seit er plechtich. Tagelyk hâld er twivel oant it boek printe is en yn 'e kast oant it

Hy skriuwt stikem mar wat troch, giet er fierder. „It is ek hast myn twadde libben, sis ik wolris. Neist myn deistich libben, haw ik noch in libben as ik yn 'e boekekast sjoch. Ja, it libben fan de ferbylding. Want wat soene wy sûnder ferbylding wêze? It libben is al hurd genôch.”

Yn it foarjier fan 2011 komt in werprintinge út fan de populêre Dongeradielesykklus fan Durk van der Ploeg yn de seary 'De oarloch fan...'. De oarloch fan Durk van der Ploeg mei de romans *De Jacht*, *It wrede foarjier*, *Reis nei de Kalkman* en *It lekken oer de spegel* wurdt útjûn yn twa dielen.

